


## LINGOTELL Deliverable D2.6 – Frisian Outputs

### De Wylde Boerinne

Restored into a Frisian investigative podcast series about the search for the real farmer's wife, ongoing, inspired by the workshops. Click image for the first episode.



### De leginde fan Redbad



Restored into a fictional story by Richard Zuiderveld and Aant Jelle Soepboer. The story is part of the book “Vet Oud!” to be used as teaching materials for secondary education.

Excerpt:

#### “Bliuw Trou”

*Thiadsvind seach de hal fierder yn it rûn. Oan ‘e fiere útein fan ‘e tafel seach se har heit. Hy siet yn in grutte houten stoel fol bistefellen en skieppefluezen. Mei syn grut burd, syn lange hier en syn djoere klean seach er der yndrukwekkend út. Hy droech in mantel mei in kraach fan wyt bûnt en om sun nekke hong in sulveren Donarshammer. Op syn holle rêste in flochten metalen bân: de Fryske keningskroan. Har heit wie Redbad, kening fan alle Friezen.*

*Hy hearske oer in ryk dat him útstreckte fan it ryk fan ‘e Denen oant it Frankeryk. Hy wie kening fan alle gebieten by de kust lâns fan de Fryske see. Neist him sieten mem, de freonen fan har heit en syn machtichste krigers. Se diene tige har bêst om te soargjen foar in goede sfear, mar it woe net rjocht slagje. Der hong spanning yn ‘e loft.*

*Oan ‘e oare kant fan ‘e tafel siet in groep Franken. De frjemde gasten yn ‘e hal hearden alhiel net thús yn it tafriel. De mannen wiene ôfwikend klaaid fan ‘e oaren, hiene it hier oars en praten in frjemde taal, wylst se temûk mei-inoar mûskoppen. Thiadsvind fielde har net op har gemak.*

*Yn ‘e midden fan ‘e groep siet de Frankyske kening Pepyn. Hy wie al like foarstlik as har heit. Om syn nekke droech er in krús, in teken fan it Kristendom. Neist him lei in jonge te sliepen. Hy seach der mar ûnnoazel út, sa mei de holle efteroer op ‘e leuning fan ‘e stoel, en flibe dat him út ‘e mûle rûn.*

*Thiadsvind wist mar al te goed wa’t dat wie: Grimoald Pepynssoan, har takomstige man. Se wiene beide noch mar trettjin jier, mar neffens de regels âld genôch om te trouwen. Net omdat sy*

*dat sa graach woene, krektoarsom. Se trouden om't it moast: de trouwerij soe harren famyljes tichter byinoar bringe. Thiadsvind en Grimoald soene de heidenske Friezen en de kristlike Franken ferbine en in machtich ryk stiftsje.*

## Hadagrim

From the legend of Redbad, play performed at the local event.



## De Sipeltoer fan Deinum

Restored into a comic at the workshops (click to view larger size)



## Fuort, maat, fuort!

Restoried into a comic from the perspective of a secondary character at the workshops

## Fergonklikheid

Restoried into a poem by reinterpretation at the workshops

*Heit wiist my de stjerren*

*Al in ivichheid yn de loft*

*Yn de finsters fan ús hûs*

*Skynt it moanneljocht*

*Heit seit alles komt en giet*

*Ek al leau ik dat no net*

*Heit seit jong dat bisto no*

*Mar dat ha ik ek west*

*Heit wiist my de stjerren*


*Like fergonklik as al it oar*

*Alles hat west en alles sil wurde*

*Hieltyd op 'e nij.*

## It pealtsje fan Easterlittens

Restoried into a map of the historic and multilingual city. Click to enter.



## It Marke

Restoried into an “at random” poem at the workshops by choosing words that were unfamiliar or spoke to the students in a different way, and forming a poem around those words.

*Op een warme avond met de zon laag aan de grond*

*Was het oh zo stil, geen vlinder of kind dartelde rond*

*Met mijn bootje in het riet*

*Hoorde ik vanbinnen een lied*

*Een zoete bloem, was zij*

*En wat was ik, een bij*

*Met haar werd de avond nimmer koud*

*Het hele jaar in zomergoud*

*Op de avond denk ik aan de dag*

*Dat ik haar omarmen mag*

*Of mocht, want waar is zij*

*Die mooie bloem van mij*

## Sibbel fan de Ryp

Restoried into a short story at the workshops

Excerpt:

*“Fan wa is dit lân?” Tinkt Sibbel as sy rydt. De manlju stean op har te wachtsjen, roppe har oan. It binne studinten, by it corps. It binne fintech lju op ‘e Súdast. Se hawwe ek in eigen bedriuw. Of se wolle ien begjinne. Ald jild, nij jild allyk. “Sibbel, kom oars mei my mei.”*

*Sibbel hat gjin eangst. It is krekt as glidet sy om harren hinne. As hat se dit al iuwen dien. Boys will be boys, seit de leginde. Mar Sibbel is Sibbel, in rappe faam fan it lân. En Sibbel heart net ien ta, allinne harsels. In pantser hat sy, net ien kin har reitsje. It is har eigen superkrêft. De krêft om har plak op te easkjen, yn it mannelân. In krêft dy’t sy trochjaan sil. Wa’t har sjocht, har flotte wurden heart, wurdt meinaam yn har tocht.*

*Se gliidzje en twirje, út de mannehannen. De froulju fan Sibbel, oan harren de takomst.*

## Reaklif

Restoried into a poem from the perspective of a secondary character at the workshops

*Myn lytse bern, myn leave soan*

*Syn hantsjes lyts, syn eachjes blier*

*Trije jier is hy, sil hy ek altyd bliuwe*

*Stavo neamde syn eask, en master bepaalde ús lot*

*Ik kin net ferjitte, net ferjaan,*

*Wat ús hjir oandien is*

*Wêrom moast hy syn libben jaan*

*Hie syn bloed Stavo net folstien*

*Ik flok en tjirgje,*

*Ik bin stil en ik gûl*

*Myn triennen meitsje de ierde al like sâlt*

*As de boarne dy't syn lytse liif dimpe moast*

*Wat Stavo ek seit, de grûn en ik*

*Sille dizze died nea ferjaan*

*Sâlt bliuwt salt, ik rop de tonger oan*

*Brân en sink dit hiele bosk om my yn see*

© All rights reserved. Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning.